

63 *Amandels*

Ik moat eefkes sliepe,
midden op 'e dei.

Dokter hellet de amandels
út myn halske wei.

Ik krij in kapke op 'e noas
en dan sliep ik as in roas.

de holle op de hannen lizze

nei de hals wize

de hannen op de noas dwaan

de holle op de hannen lizze

'Wekker wurde,' ropt de suster,
'wekker wurde, it is klear!'

Ik doch myn eagen iepen,
myn hals docht wol wat sear.

Mar ik krij iis en drink kâld wetter,
dan is myn halske gau wer better.

de suster ropt

de eagen iepen dwaan

oan de hals fiele

sabeare drinke

oan de hals fiele en laitsje

Suggestje

Ynstee fan 'amandels' kin ek 'mangels' brûkt wurde.